

E-mail DFS: skriuwer@friesdammen.nl
Ynternet: www.friesdammen.nl
Webmaster: Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake
Kooistra st.kooistra@hotmail.com

Damklups:

- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-SWF, F.Groenveld, Riperwei 6,
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517
groenveldf@hotmail.com

- ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011
jantsje.leo@kpnmail.nl

- ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704
shattema@hotmail.com

- ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Luniastate 15,
9074 MC Hallum, 0518 - 431003
harmenvandermeer@hotmail.com

- ◆ **“Hartwert e.o.”** Klaas Abma. Kloosterweg 12,
8741 KB Hartwert. 0515 - 569747
damkluphartwert@live.nl

- ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,
8823 SX Lollum, 0517 - 469245
liuwe.westra@mensa.nl

- ◆ **“O.K.K.” Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992
siebrendyk@gmail.com

- ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrj.20,
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782
baukebos@home.nl

Freoneklup:

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle, kinne lid wurde fan de Freoneklup. It ledejild is € 15,- Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

38 ste jiergong

nûmer 1

novimber 2016

Einredaksje: Alie Cnossen en Folkert Groenveld

Alie Cnossen, Hoytemadyk 16, 8614 AR Aldegea-SWF
Till. 06 – 24 62 89 86 mail: aliecnossen84@hotmail.com

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XH De Jutryp
Till. 0515 – 42 45 17 mail: groenveldf@hotmail.com

Lêzersjild: fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:

Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21, 8734 GD Easterein
IBAN NL40RABO 034.95.02.072
ûnder fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it bûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

Bestjoer:

- Foarsitter: Liuwe Westra, Waaksenserwei 2, 8823 SX Lollum
liuwe.westra@mensa.nl 0517-469245
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14, 9023 AB Jorwert.
siebrendyk@gmail.com 058-2519992
- Ponghâlder: Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21,
8734 GD Easterein, wiersmafedde@gmail.com 0515-332401
- Ferskate kommisjes

OER ALLES FERSKYNT TRIJE KEAR YN IT JIER

FAN DE REDAKSJE

Foar jim leit it earste nûmer fan de 38-ste jiergong.

De Stichting WFD (Wrâldkampioenskip Frysk Damjen) set fan alles út de wei. Sa waard der fan 't simmer Frysk damd yn Livorno yn Itaalje koenen we lêze yn de provinsjale media. En okkerdeis in tige slagge toernooi yn Tresoar mei ek Italiaanske bern. Yn dit nûmer in ympresje. En Jelle Wiersma, de earste wrâldkampioen FRYSK! sjocht werom op de partijen. Der is damd op Sânfurd mei in ferrassende útslach en lotte foar de Fryslân Kup ûnder tafersjoch fan de Blauhúster Skyfkes.

De wedstriidlist sjocht der goed út mei in fol programma.

En ek kolumnist CK lit syn lûd wer heare.

Folle lêswille, Alie en Folkert.

FANÚT IT HAADBESTJOER

Bêste dammers,

Graach skriuw ik eefkes in koart stikje yn it earste nûmer fan Oer Alles yn dit nije seizoen. Mar it nije seizoen hat al in pear skitterjende mominten oplevere! Ik tink oan in moai toernoai yn Sânfurd mei in winner dêr't meskien net alle oaren op rekkene hiene. Mar ek oan it skitterjende inisjatyf fan 'e Fryslânkup, dêr't alwer de earste wedstriden foar spile binne. En dan wol ik dochs ek eefkes it toernoai foar skoalbern neame op Tresoar, dêr't jim op in oar plak yn dit nûmer oer lêze kinne.

Belangryk is ek, dat wy foar myn gefoel op in moaie manier mei ús jiergearkomste begûn binne. In goeie sfear, de rinnende dingen op in rychje sette, en ris eefkes wat langer trochprate oer wat der op ús ta komt. Kontinúiteit en feroaring: dat binne de dingen dy't op sa'n gearkomste op it aljemint komme moatte. It jierroaster, want it damjen moat wol in wedstrydsport bliuwe. De ZILWO-beker, in prachtich stikje tredysje. Foeke Tiemensma kaam, seach, en naam de tsjelke wer mei werom. Mar ek it betinken fan 'e ferstoarne Fryske dammers: it is in momint dat syn omtinken en syn gerak hawwe moat.

Tagelyk allegear nije dingen, lykas it brainstoarmjen oer nije plannen om yn oparbeidzjen mei de Provinsje Fryslân fierer oan te wurkjen. De

app is klearmakke foar online gebrûk, en ik tink dat wy noch net goed beseffe hoefolle nije dammers oft wy dêr wol net mei berikke kinne. De lytse Italjanen hawwe ús der al eefkes fan priuwe litten, mar dat is fansels noch mar it begjin. No't wy nije dammers berikke kinne, hoe wolle wy se dan better yn 'e kunde bringe mei it Fryske spul? Wat binne de mooglikheden foar wedstriden en kampioenskippen? De kommende jierren sille wy dêrmei oan 'e gong moatte, en it is geweldich dat de Provinsje ús dêryn helpe wol. Yn it kommende nûmer fan Oer Alles hoopje wy dêr alwer wat nijs oer te hawwen.

Wy hawwe ek tiid nommen om nei te tinken oer de persoanlike kampioenskippen. Yn de trije groepen fan acht feroaret dit jier neat, mar de gearkomste koe it dermei iens wêze om de kampioenskippen yn 'e 1e, 2e en 3e klasse earst mar op in sêft sin te setten. It heart net aardich, mar dy kampioenskippen funksjonearje op dit momint net. Mei de haadklasse sit it der in bytsje tuskenyn. Wat is wysheid? Dit jier wolle wy it sa besykje: in iepen kampioenskip fan de haadklasse, dêr't dus leden en net-leden fan it Dambûn oan meidwaan meie. Dat wurdt dan de wedstryd yn Aldegea dy't op it jierroaster stiet. Dat iepen



kampioenskip jout de mooglikheid om te promovearjen nei de tredde groep fan acht. As der guon binne dy't dy promoasje meitsje wolle, moatte se wol lid wêze of lid wurde fan it Dambûn. En fierders: dammers dy't al of noch yn ien fan 'e groepen fan acht sitte, kinne net meidwaan oan it iepen kampioenskip fan 'e haadklasse, mar damje dy deis yn in eigen groep in 'gewoane' (mar dêrom net mindere) sneonswedstryd. Wy hoopje, dat wy op dy manier in pear nije dammers ynteressearje kinne foar de persoanlike kampioenskippen, binnen it

Dambûn likegoed as dêrbûten. Slagget dat - en dêr kinne wy allegear oan bydrage - dan soe dat betsjutte dat de persoanlike kampioenskippen mei de trije groepen fan acht trochgean kinne, en dat soe wol it moaiste wêze. Mar slagget dat net, dan moatte wy ús benammen op de takomst fan de tredde groep wol wer beriede.



As lêste: yn april is oer de niisneamde matearje wiidweidich praat, mar ek oer it akûstysk klimaat fan de kampioenskipswedstriden. Wy binne der net foar, om dêr hiele kreative regels foar op te stellen - yn 'e regel wurkje dy net foar soks, en it past ek net by it Fryske damjen sa't wy dat kenne. Wat wol kin, is dat wy in

soarte fan 'alles oan 'e hang'-ôfspraak meitsje: binne der dammers mei noch mar in pear minuten op 'e klok, dan prate wy ôf dat der hielendal neat mear sein wurdt - mar dan ek echt neat - en dat de doarren fan 'e wedstrydseal salang ticht bliuwe. It is oan 'e wedstrydlieding om dêr mear hannen en fuotten oan te jaan, en oan ús allegear om der goed oer nei te tinken hoe't wy graach wolle soene dat it giet as wy sels noch mar in heale menút op 'e klok hawwe.

Graach winskje ik alle lêzers in moai dammersseizoen ta!

Liuwe H. Westra
foarsitter Dambûn Frysk Spul


Neiskrift by de foto's

Op de earste in byld fan de bûnsgearsit. Fertsjintwurdigers fan alle klups stekke de koppen by elkoar. En op de twadde krije de testers fan de nij app fries dammen en FRYSK! Blommen fan de foarsitter. Te Lollum wie de primeur mei in online striid tusken wrâldkampioen FRYSK! Jelle Wiersma en Michele Borgetti dy't kamp waard.

WEROMBLIK WK FRYSK (Jelle Wiersma)

Op 20 maart 2016 waard it wrâldkampioenskip FRYSK organisearre yn it moaie stedhûs te Frentsjer. Troch ferskate toernoaien koe men harren pleatse. It dielnimmersfjild bestie út 16 Fryske en Ynternasjonale grutmasters. Jelle Wiersma waard nei sawn omlopen wrâldkampioen FRYSK. Mei dit spul is in nij fenomeen yn it damjen kaam. Yn de sawn omlopen kamen de folgjende einspullen fan Jelle op it boerd.


Rindert Walinga – Jelle Wiersma 0 - 1



Rindert wie oan set en spile **1.50-45**. It idee is fansels om ôf te ruiljen troch 35-30 en dan stiet wyt prima. Jelle koe dit ferhinderje troch in wat bline mar winnende ôfgruil. **1. ...19-23 2.33*13 24-30 3.35*24 11-17 4.27*7 6*30** en Rindert kin noch efkes it hout keare **5.47-42 30-34 6.42-38** mar nei **6. ...4-9** giet it hout der troch en Rindert joech op. Yn de diagramstân wie 33-28 in hiele bêste set. Dan hie Jelle noch efkes trochdamme kinnen mar hie

dreech krigen. Mar nei 47-41/42 hie Jelle der in moaie daamset yn.


Jelle Wiersma - Alexander Georgiev 0,5 - 0,5



Wyt is oan set. Wat is it bêste ? 33-28 of **1.33-29**. Jelle keas foar de lêste en de partij ferrûn sa. **1. ...17-21 2.23-18 21-26 3.18-12 26-31 4.12-7 31-36 5. 7-1 36-41** en no is der wer in typische stân ûntstean. As 29-23 spile wurdt, dan jout swart it hout en hellet in daam op 46 en is it kamp. Wyt besiket noch efkes wat mei **6.1-23** mar dan is it ek kamp troch **6. ...41-46** (29-23 hie ek kinnen) **7.23-5 20-25** en de daam moat slaan en it hout komt net


oer de lange line. Uteinlik wie 33-28 better west.

Jelle Wiersma – Hans Jansen 1 – 0



Jelle kaam al ridlik gau in skiif foar mar Hans biet himfêst yn de partij. Jelle spile **1. 23-18** mar kin mei 23-19 de party direkt utmeitsje. **1.... 41-47** wat oars ? **2.50-45 20-24** en Jelle makke it út mei **3.18-13 9*18** en slacht mei de daam it hout en de daam **4.1*46**. Achterôf die bliken dat dit in saneamde **bananeslach** wie. De swarte daam koe net slein wurde ! Dan hie Jelle beide skiiven slaan moatten en hie wis de party ek wol wûn.


Foeke Tiemensma - Jelle Wiersma 0,5 - 0,5



Wyt hat in oanfal op skiif 17 fia 32-28 en swart moat ferdigenje. Swart is oan set en spilet **1. ...4-9 2.31-26** om de oanfal fierder op te setten. Swart ferdigenet **2. ...23-29!**
3.30*28 1-7 ! 4.26-21 (ferpl.) 17*26 5.42-37 9-13 6.37-31 26*37 7.32*41 7-12 8.41-37 13-19 9.37-31 12-17 10.31-26 19-24 11.26-21 17*26 12.28-22 26-31 13.22-17 31-37 14.12-7 41-46 15.7-2 24-29 16.2-30 29-33 17.30-43 46-23 18.43-25 25-48? en it is kamp. Hjir lit Jelle de winst lizze. Mei 23-32 kin Jelle de


winst ek noch pakke.

Jelle Wiersma – Tjerk Wybenga 1 - 0



Sa op it each is it in rêstich spul. De party ferrûn as folgt. **1.37-32 17-21 2.34-30 25*34 3.33*35 14-19 4.35-30 4-10?** dizze is net goed. Wyt kin no fjild 28 besette. **5.32-28 1-7 6.45-40 7-12 7.40-35 21-26 8.47-41 12-17?** Wyt stie al op winst en kin it no moai útmeitsje mei in daamslachje. **9.41-36 26*46 10.30-25 46*23 11.25-20 19*30 12.35*11**


Hein de Vries – Jelle Wiersma 1 - 0



Wyt spile **1.37-31** en dat leit net daalk foar de hân. Swart kin no skiif 31 ôfruilje mei in better stân **1. ...11-16 2.47-41 16-21 3.31*11 1*21 4.41-37 21-26 5.40-35 22-28 6.35-30 14-19 7.45-40** om fia 34-29 in skiif foar te kommen **7. ...28-32 ?** Swart giet forsearjen om de winst te pakken. 19-23 liket net goed mar swart kin in pear setten letter in skiif offerje en stiet dan ek goed. **8.37*28 26-31 9.28-22 19-23** en wer jout swart in skiif **10.22*24 31-37 11.24-19** ûnder

skiif 19 kin net fanwege 19-14, x, x, **11. ...37-41 12.19-13 41-46 13.30-25 14.46-5 40-35 15.4-9 13x4 16.5*45** en swart ferliest.

Opbouw op de rjochterflank (dus net oer de middenline) troch wyt hie warskynlik noch kamp oplevere. Mei 4 skiiven moat it slagje om troch te brekken.



Wyt hie de hiele party goed damd en swart goed partij jûn, mar hy sjocht no in lyts setsje oer de holle. Wyt spile **1.12-7** mar ferliest fia **1. ...4-10 2.15*4 43-49 3.4*36 49*2**

1.47-41 is better, as swart 1 ...31-36 spilet dan jout wyt it hout (41-37) en rint nei daam en dan sil it kamp wurde.

FRYSK DAMJEN YN WOMMELS



Op 6 oktober hat juf Jeannet Bos - de Boer (Sy is in dochter fan Sjouke de Boer) fan de legere skoalle It Fûnemint te Wommels it folgjende op harren webside set.

Under lieding fan 4-fâldich kampioen Frysk damjen Jelle Wiersma ha de bern mei it damjen dwaande west. Dat wie yn it ramt fan de Fryske sporten. Sy ha him earst in interview ôfnaam en doe kaam der útliz en wie it fansels los mei dizze âlde tinksport.

Set mar yn jim bûsboekje

 **World championship
Frisian Draughts**

- 1 September 2017 – 1 March 2018
**Several National Qualification
Tournaments Frisian Draughts**
- December 2017
Dutch Championship Frisian Draughts
- March 2018
**Fryslân Open 2018
Open Qualification Tournament
Frisian Draughts**

4 - 9 August 2018

**First Official
World Championship
Frisian Draughts**

www.frisiandraughts.com

WEDSTRIIDLIST DAMBÛN FRYSK SPUL

Opjaan jongerein by liuwe.westra@mensa.nl as 0517-469245
 Opjaan âldereinpartij by Piet Sikma 0515-569561 (dei yn it foar)
 Opjaan FRYSK en martenwalinga@hotmail.com of 06-34561133
Z telt mei foar Zilwo-beker

freed 21 oktober	15 ^e Kamp fan Sânfurd en <i>Lotting Fryslân Kup</i>	Kampearbuorkerij Ykema, oanfang 20.00 oere	Z
25 oktober	Blauhûs, âlderein	It Teatskehûs, 13.30 oere	
tiisdei 1 en 8 novimber	Jorwert, Kamp. Litt.diel, elk kin meidwaan; $\frac{3}{4}$ oere	Kafee 19.30 oere Opjaan Willem Dijkstra 06-28655441	Z
tongersdei 3 novimber	Kampioenskip foar skoalbern FRYSK!	Tresoar, oanfang 10.00 oere.	
sneon 12 novimber	Bûnswedstryd jeugd en pupillen	De Gaastmar, 13.30 oere	
22 nov.	Blauhûs, âlderein	It Teatskehûs, 13.30 oere	
freed 25 novimber	Jorwert, miniklup-kamp. foar 4-tallen 15 min. op de klok	Kafee 19.30 oere, opjaan foar 23 nov. 21.00 oere by W.Dijkstra 06-28655441	
freed 2 desimber	Lollum, "it Rûge Boerd" 30 min. + 10 tellen de set	Doarpshûs 19.30 oere. martenwalinga@hotmail.com of 06-34561133	Z
sneon 10 desimber	Foaromloop kamp. jeugd en pupillen	Spylplak ...? 13.30 oere.	
sneon 17 desimber	Kamp. HA 1-e, 2-e en 3-e en wedstriid eareklasse	It Beaken, Aldegea-SWF, 10.00 oere. 06-23877138 groenveldf@hotmail.com	Z
freed 23 desimber	Skearnegoutum, 40 men. op 'e klok <i>twilling@kpnplanet.nl</i>	It Swettehûs, 19.00 oere. Opjaan 19.30-21.00 Y.Boelens 0518-451795	Z
30 des.	NK FRYSK!	Tresoar. 10.00 oere.	
sneon 7 jannewaris	Hartwert, 1½ oere Abma 0515-569747	'It Terphûs', 10.00 oere <i>damclubhartwert@live.nl</i>	Z
sneon 14 jannewaris	Klupkamp. Noflik Easterien	9.30 oere Opjaan foar 12/1 wiersmafedde@gmail.com	

sneon 21 jannewaris	Foaromloop kam. jeugd en pupillen	Spylplak ...? 13.30 oere.	
freed 27 jannewaris	Blauhûs, 40 min. B. Kroon 06-22684264	Klubhûs SieSa, 19.00 oere Opjaan 26/1 19.00-21.00 <i>b.h.kroon@hotmail.com</i>	Z
31 jan.	Blauhûs, âlderein	It Teatskehûs, 13.30 oere	
sneon 4/2	1e en 2e rûnte PK	De Gaastmar, 10.00 oere	
tiisdei 7/2	3e rûnte PK	Jorwert 19.30 oere	
sneon 11/2	4e en 5e rûnte PK	Blauhûs 10.00 oere	
sneon 18 febrewaris	Finale PK ek froulju, 14.00 oere jeugd en pupillen? 10 oere Opjefte froulju <i>wiersmafedde@gmail.com</i>	Z
28/2 – 3/3	Fryslân Open	Frjentsjer (klippers) <i>www.frisiandraughts.com</i>	
3/3 en 4/3	Grutmastertoernoai	Frjentsjer (stedhûs)	
4 maart	KwalifikaasjeFRYSK	Frjentsjer, De Koornbeurs	
5 maart	Wrâldkamp. FRYSK!	Frjentsjer (stedhûs)	
freed 10 maart	Fluchdamkamp. Switsersk systeem	Hartwert, Terphûs 19.15 oere	Z
28 maart	Blauhûs, âlderein	It Teatskehûs, 13.30 oere	
freed 7 april	Blauhûs, finale Fryslân Kup. en toernooi FRYSK 06-22684264	SieSa, 19.00 oere. Opjefte FRYSK 6/4 19.00-21.00 <i>b.h.kroon@hotmail.com</i>	

WILLEM HOEKSTRA FERRASSEDE KAMPIOEN SÂNFURD

It 15-e kampioenskip Frysk damjen fan Sânfurd gie ferrassend nei Aldegeaster Willem Hoekstra. Hy liet eardere winners as Jelle Wiersma, Henk Haanstra en Folkert Groenveld efter him. Yn de lêste fan seis omlôpen wie in oerwinning op Blauhúster Bernard Kroon genôch foar fiif punten en de ein oerwinning. Al wie it kantsje board. Henk Haanstra wûn noch fan Jelle Wiersma en sa kamen sy alle trije op fiif punten. Mar de computer rekkene foar dat Hoekstra it bêste mei de wjerstânpunten stie. Lykas wunst wie it wer in gesellige boel op Sânfurd mei in bakfol oan fleisprizen. Healwei de jûn waard lotte foar de Fryslân Kup. Foar de twadde kear stiet dit Blauhúster ynysjatyf op it programma.

De wichtichste útslaggen mei de trije heechsten per klasse en tusken heakjes de stân op de einlist.

Eareklasse 1.Willem Hoekstra, Aldegea-SWF 5pt.(1); 2.Jelle Wiersma, Wommels 5pt(2).; 3.Henk Haanstra, Aldegea-SWF 5pt.(3);

Haadklasse A 1.Bernard Kroon, Blauhús 4pt.(5); 2.Folkert Attema, Ysbrechtum 4pt.(6); 3.Dicky v.d.Meer, Terherne 4pt.(7);

Earste Klasse 1.Marcel Altena, Blauhús 3pt.(12); 2.Beke Haanstra, Aldegea-SWF 3pt.(13); 3.Johannes Hoekstra, Aldegea-SWF 2,5pt.(17);

Twadde Klasse

1.Minne Posthuma, Aldegea-SWF 3pt.(15); 2.Sjouke Attema, De Gaastmar 2,5pt.(16); 3.Durk Rijpma, Aldegea-SWF 2pt.(19);

Tredde Klasse

1.Gertjan van Kamp, Jorwert 1,5pt.(22); 2.Meindert Ykema, Sânfurd 0pt.(24)



De earste winner fan de Fryslân Kup is Jelle Wiersma. Op Sânfurd die hy de lotting foar de earste omloop fan dit jier. De Blauhúster dammers Jappie de Jong en Bernard Kroon hâlde tafersjoch en skriuwe mei.

EARSTE OMLOOP FRYSLÂN KUP, DE LOTTING



1ST TAFISA EUROPEAN

SPORT FOR ALL GAMES

FRYSLÂN 2018

Begin augustus 2018 is Fryslân het sportieve hart van Europa. Duizenden Europese sporters komen dan samen om traditionele sporten te laten zien zoals fierljeppen, skûtsjesilen en keatsen maar ook volksdansen, free running en rolstoelbasketbal. Sport in alle vormen en maten, voor jong en oud. De speciale opening- en sluitingsceremonie vormen culturele hoogtepunten.

European Sports for All Games wordt georganiseerd onder auspiciën van TAFISA, de wereldwijde organisatie die zich inzet voor sportbeoefening in het amateurveld, die daarbij nauw samenwerkt met partners als IOC*NSF en de WereldGezondheidsOrganisatie. European Sports for All Games stimuleert verscheidenheid en sociale betrokkenheid. Het is een project dat zich op grote schaal richt op de verbinding van culturen, leefbaarheid in Fryslân en sportactivering en gezondheid.

Voor scholen komen speciale lesprogramma's en er is een conferentie voor vakmensen, studenten en leken. Meer informatie staat op www.esfaq2018.eu

De European Sports for All Games is één van de meer dan veertig grote projecten die de ruggengraat vormen van het programma Kulturele Haadstêd 2018. De sportactiviteiten zullen met name plaatsvinden in de week van 3 – 10 augustus 2018.

Ook het Frysk Damjen zal aanhaken bij dit evenement. Op 6 oktober jl. heeft er overleg plaatsgevonden tussen de besturen van de Dambond Fries Spel/Stifting WFD en projectleider Trea Tamminga. De bedoeling is dat in genoemde week een groot aantal damevenementen zullen plaatsvinden op verschillende locaties in de provincie. Dus dammers: hoe de week 3 – 10 augustus 2018 vrij om dammers uit heel Europa te ontvangen en met hen te dammen!

Wordt vervolgd!

Fedde Wiersma

KAMPIOENSKIP FRYSK FOAR SKOALBERN

Op 3 novimber hawwe 70 bern fan 10 skoallen meidien oan in ynternasjonaal kampioenskip Frysk damjen op Tresoar te Ljouwert, as ûnderdiel fan it projekt Fryske Sport yn dyn klasse.

Ien team kaam út Aosta yn Noard-Itaalje, en is spesjaal foar dit toernoai nei Fryslân ta reizge. It Italjaanske team stie ûnder lieding fan Paolo Faleo, sels nasjonaal kampioen Italjaansk damjen. Hy treent 200 bern yn Aosta, en hie de sterkste fiif dammers meinommen.

De oare teams kamen út Wommels, Arum, Blauhûs, Aldegea, Lollum-Waaksens, De Gaastmar, De Hommerts, Sibrandabuorren en Gau.

Nei sân omlopen die bliken, dat Paolo Faleo syn team goed coacht hie: it Italjaanske team wie fierwei it sterkste fan alle tsien!

De sterkste yndividuele dammer wie lykwols Wiebren Ykema út De Gaastmar, dy't sadwaande de titel oernaam fan syn broer Herre Klaas, dy't ferline jier wûn hie. Wybren wûn as iennichste alle sân partijen. Hy



wûn de grutte beker (sjach foto).

Oare priiswinners wiene:

2e o/m 6e priis (5,5 punt)

Davide Gemma (Aosta), Nynke Brouwer (Blauhus), Jacopo Anania (Aosta), Daniel Pozza (Aosta), Martina Zola (Aosta)

7e o/m 11e priis (5 punten)

Jorrit Renema (De Hommerts), Rauke de Hoop (Gau), Tijmen IJszenga (Blauhûs), Jurgen Popma (Blauhûs), Jens

Naberman (Gau) De einútslach fan de teams wie lykas folget:

1e priis: Aosta (5,2 punt de spiler)

2e priis: Sint Gregoriusskoalle Blauhus (4,75 punten)

3e priis: CBS De Gielguorde Lollum-Waaksens (4,5 punten)

4e priis: De Opslach en De Hoekstien Arum (4 punten)

5e priis: CBS Mids de Marren De Gaastmar (3,8 punten)

6e priis: OBS De Lege Geaen, Sibrandabuorren (3,3 punten)

7e priis: CBS De Twatine, Gau (3,12 punten)

8e priis: CBS Van Haersma Bumaskoalle (De Hommerts) (2,95 punten)

9e priis: KBS It Funemint Wommels (2,8 punten)

10e priis: CBS Klaver Trije Aldegea (2 punten)




it winnende team út Aosta yn Itaalje; f.l.n.r. Daniel Zoppa, Davide Gemma, Iacopo Anania, Giovanni, Martina Zola; efter it team de trener en kampioen Italjaansk damjen Paolo Faleo.



wedstryd yn 'e Gysbert Japiksseal op Tresoar
Alle foto's: Haye Bylstra, Tresoar

FRAGMENTEN NOCHT&KRIICH

(Folkert Groenveld)



Sjoerd Couperus mei wyt en Johannes Hoekstra hienen der in moai spul op setten. Nei 1. ...**19-24** **2.39-24** (wat oars?) stie it sa. Johannes hie de âld foks te pakken nimmen kind troch 2. ...**34-30!** 3.35x24 20x29 4.34x23 25-30 5.40x20 15x42 6.43x41 en swart is in hout foar. Sjoerd kaam der genadich ôf, want de foarsitter fan N&K seacht it net.

Twa wike letter sit de Snitser dy't him yn Aldegea o'sa thús field tsjin skilder Rein Jan Walinga. Dy hie in fliegende start yn de kompetysje makke. Dat is te sizzen, hy stie mei de folle winst út trije partijen boppe oan. Rein Jan hat faaks wat rúzje mei de klok en dat koste him no ek in kampspul. Sjoerd mei swart is oan set en kin wyt krekt keare

1. ...18-22 2.21x23 19x28

3.30-24 14x34 4.35x22 15x35


En beide spilers kinnen ei de daam rinne en it sil wol kamp wurde dochs? **5.22-17 35-40**


6.17-12 40-44 7.12-7 44-50

8.7-1 hie 7-2 net wat feiliger west? **8. ...50-22**

9.1-45? No is it mis foar swart.

Der wienen mar twa feilige plakken foar de daam. It hout op fjild 5 stiet der sa moai en swart hat trije setten om it út te meitsjen. Alles oars as 1-29, 34, 40, 45 is fansels daalk út.






Swart strykt no **9. ... 22-9** en der is gjin goed plak mear foar de wite daam. Sjoch mar nei yn it diagram. 9.1-29 wie ek net goed. Dan hi eek folge 9. ...22-9
Allinne 9.1-34 as 1-40 wie kamp.
Mar ja, at de klok op fallen stiet.....

De app fries dammen en FRYSK! Is op hast alle smartphones en tablets fergees te besetten

iOS yn de App Store *Android* yn de Play Store
Kindle yn de Amazon Appstore *Windows 10* moat noch
BlackBerry 10 yn BlackBerry World

Frisian draughts



BLYN DAMJE EN BLYN WÊZE

Elkenien dy't it lyts bytsje ôfwit fan it damjen hat wol ris heard fan it blyndamjen. En dan sjit meastal de namme Ton Sijbrands jo te binnen. Wat dy man prestearet is eins net te leauwen. Yn 2014 pakte er it wrâldrekôr werom fan Erno Prosman. Hy spile tsjin 32 dammers en nei 48 oeren spyljen hie er genôch punten by elkoar fandele om him de nije wrâldkampioen te neamen. En dat allegearre sûnder dat er sels in partij sjoen hie. Hoe is it mooglik....

Yn Hartwert ha wy eartiids ek ris in “blyndamsesje” meimakke. Sjoerd Tigchelaar út Parregea stie mei de rêch nei it grutte demonstraasjeboerd en hy sei hokker set foar wyt en hokker foar swart dien wurde moast. Hy kende de partij út de holle. Hiel aardich, mar gjin blyndamjen.

Op de iepenbiere basisskoalle yn Sibrandabuorren sit Fenna en dizze Fenna hat no al twa jier efterinoar mei dien oan it skoalkampioenskip wylst se echt blyn is. Se hat har eigen boerd mei fakjes, wêromhinne omheechsteande rânien sitte. De wite houtsjes ha in reliëf en de swarten binne glêd. As Fenna in set docht, moat se earst taaste en fiele hoe't de houtsjes steane. Foar har jilde alle regels op oanreitsje-strike nei. Oan it fiif tsjin fiif yn Tresoar die se ek mei. Se wûn yn elk gefal ien kear en ik bin super grutsk op har.

Wy dammers sizze wol ris: “Ik sjoch neat, ik bin sa “blyn” as wat.....”
CK